

NEI KNEPPELFREED: WY BINNE DER NOCH NET

Kneppelfreed begjint eins al yn 1948. Rjochter mr. S.R. Wolthers behannelet in saak tsjin twa molktapers út Aldeboarn. Beide hawwe yn striid mei it Melkbesluit 'molke' en 'sûpe' yn stee fan 'melk' en 'karnemelk' op har molkbussen skreaun. Yn de sitting stelt de rjochter it Frysk net ferstean te kinnen. Ien fan de fertochten jout oan: 'Ik druk my leaver yn it Frysk út.' Mr. Wolthers antwurdet: 'Dan versta ik u niet. U moet Nederlands spreken.'

Inkelde jierren letter toant de bewuste rjochter him lykwols in residivist. Yn 1951 blokkearret de magistraat nammentlik op 'e nij it praten fan it Frysk troch in fertochte. Krityske kommentaren fan haadredakteur Fedde Schurer fan de *Heerenveense Koerier* en sjoernalist Tsjebbe de Jong fan it *Bolswards Nieuwsblad* liede ta ferfolging fan beide hearen foar mislediging. It proses tsjin har op freed 16 novimber 1951 markearret in punt yn de skiednis fan de Fryske taalstriid, yn it bysûnder dy fan it brûken fan it Frysk yn de rjochtseal. Nei de sitting ûntstean fjochterijen op it Saailân yn Ljouwert. De rest is skiednis.

Frysk yn it strafjocht

Yn 1994 bin ik beëdige as advokaat yn it gerjochtsgebou yn Ljouwert. Al gau lis ik my ta op de ferdigening yn strafsaken. Saken dy't har ûnderskiede troch – oars as sivile saken – in soad mûnlinge behannelingen en troch emoasjes. Minsken dy't emosjonearre binne, gripe werom op de taal dy't it tichtste by harren stiet. It is dus belangryk dat Frysktalige fertochten Frysk prate kinne yn de sittingsseal, ek (en sels) as sy it Neder-

Ik goed yn 'e macht ha. Datselde jildt ek foar bygelyks in Ingelsktalige fertochte dy't al jierren yn Nederlân wennet en it Nederlânsk goed behearsket; ek dy moat yn steat steld wurde om Ingelsk te praten yn de fertochtingsseal. Net ien yn ús lân sil him fernuverje oer it brûken fan it Ingelsk troch dizze Ingelskman. It brûken fan it Frysk troch de Fries stjit lykwols bytiden op ûnbegryp.

It rjocht om yn de memmetaal te praten is yn it belang fan de konkrete fertochte én fan de kwaliteit fan de rjochtspraak. In fertochte dy't yn syn holle gjin taalomslach hoecht te meitsjen, praat makliker en fertelt mear as wannear't hy (of sy) yn in foar him (of har) frjemde taal praat. Wat better en mear in fertochte fertelt, wat mear ynformaasje de rjochter krijt om in trochtocht oardiel út te sprekken. Dat jildt hielendal as de rjochter sels Frysktalich is; dan sil in fertochte gjin drompel mear fiele om gebrûk te meitsjen fan de taal dy't hy (sy) fan hûs út meikrigen hat.

Oait ferdigene ik in man dy't fertocht waard fan in grouwélige ferkréfting. In cold case. In feit dat sa'n tweintich jier earder bard wie. Troch DNA-ûndersyk is de man dochs noch pakt. Wilens liedt hy in treflik libben: in leafdefolle húshâlding, in soad frijwilligerswurk, in dierber persoan yn it doarp dêr't hy wennet. Myn kliïnt is Frysktalich. De rjochter net. As de rjochter him freget hoe't it no kin dat hy op hannen droegen wurdt yn de mienskip dêr't hy wennet mar wol in hiel slim feit begien hat, antwurdet de man yn it Nederlânsk: 'Het begroot me voor het slachtoffer, ik vind het heel slim voor haar. Ik snap mijzelf niet, want eigenlijk ben ik zo goed als brood.' Dizze mei frisismen ôfmakke ferklearring typearret it belang om yn de eigen taal sprekke te kinnen.

Nei oanlieding fan Kneppelfreed is yn de yn 1956 fan krêft wurden 'Wet gebruik Friese taal in het rechtsverkeer' opnommen dat elkenien dy't op in rjochtsitting yn de provinsje Fryslân it wurd fiert, it foech hat om gebrûk te meitsjen fan de Fryske taal, byneed nei ynskeakeling fan in tolk. Bûten de provinsje jildt dat rjocht as de fertochte him (har) yn it Nederlânsk ûnfoldwaande útdrukke kin en nei tastimming fan de rjochter. It Frysk krijt sa, as twadde rykstaal, yn alle gefallen yn Fryslân in posysje dy't lykweardich is oan it Nederlânsk. It gefolch is dat rjochters, griffy-meiwurkers en offisieren fan justysje (ek wol de iepenbiere oan- kleier neamd) it Frysk (passyf) behearskje moatte. Rjochtbank en Iepen- bier Ministearje (hjinnei: IM) yn Ljouwert stelle by fakatueres yn adver- tinsjes dizze (passive) behearsking fan de Fryske taal as funksje-eask.

Dochs is in hiel skoft it brûken fan it Frysk yn de sittingsseal beslist gjin wizânsje.

Op 12 maaie 1998 skriuwt de *Leeuwarder Courant* op de foarside Strafzaken in het Fries behandeld. De ferslachjouwer skriuwt ûnder mear:

Een behoorlijk deel van de zitting van de Leeuwarder politierechter is gisteren in de Friese taal gevoerd. Dat gebeurde op initiatief van Oebele Brouwer, een Friestalige officier van justitie. (...) Brouwer en politierechter Bert Dölle, Bakhuister van geboorte, bedienden zich bij de verdere behandeling van de betrokken strafzaken alleen nog van het Fries. Advocaat Tjalling van der Goot, die twee van de drie verdachten bijstond, pleitte ook in het Fries. (...) Hoewel de wet het mogelijk maakt om op de zitting Fries te spreken, gebeurt dat in de praktijk maar zelden.

Mear as 40 jier nei de wetlike ferankering is it dochs grut nijs dat strafsittingen hielendal yn it Frysk hâlden wurde. It bewiist dat allinnich in wet net foldwaande is om de deistige praktyk oan te passen.

Yn de begjintiid fan myn karriêre as advokaat binne der amper Frysk-talige rjochters en offisieren fan justysje. Dat makket it brûken fan it Frysk troch fertochten dreech. Fertochten binne ommers kwetsber, sy binne foarroppen om't har ferwiten wurdt in strafber feit begien te hawwen. In straf driget. Fertochten wolle net lestich wêze. Se hawwe oanstriid om by de rjochter – yn waans hannen har lot leit – geunstich oer te kommen en hielendal net om tsjin de tried yn te gean. Dat kin it bêste troch deselde taal te praten. De fragen dy't in rjochter yn it Nederlânsk stelt, sille troch de fertochte faak ek yn it Nederlânsk beänt-wurde wurde. Wyls – ryklik 25 jier fierder – binne der mear aktyf Frysk-taligen by de rjochtbank en it IM oan it wurk. Dat is winst. It brûken fan it Frysk yn de sitting is sûnt dy tiid – sa bewiist myn eigen praktyk – wêzentlik tanommen.

De rjochtspraak en it IM dogge it nedige om it brûken fan it Frysk te propagearjen. Sa binne neist de yngong fan de sittingssealen yn de rjochtbank yn Ljouwert yn 2001 buordsjes pleatst mei yn twa talen de tekst: U heeft het recht om Fries te spreken. Sa'n buordsje is net allinnich symboalysk, it makket de fertochte flak foar it yngean fan de sittingsseal bewust fan syn rjocht. Hjiroan docht lykwols ôfbrek dat sawol de

rjochtbank Noard-Nederlân as it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert op de webside melde dat fertochten (en oare rjochtsykjenden) op syn minst acht dagen foar de sitting oanjaan moatte dat sy Frysk winskje te praten, sadat – as nedich – in tolk regele wurde kin. Hjirút soene jo opmeitsje kinne dat de rjochtbank en it hôf net garandearje kinne dat de profesjonele prosesdielnimmers lykas de rjochter, de griffier en de offisier fan justysje it Frysk passyf behearskje. Dizze konstatearring korrespondearret net mei de funksje-eask foar rjochters en offisieren yn Ljouwert om minimaal passyf de Fryske taal te behearskjen.

Op 1 jannewaris 2014 wurdt de 'Wet gebruik Friese taal' fan krêft. Dy wet jout in noch steviger garânsje foar it brûken fan it Frysk. In foarbyld. As in fertochte opropen wurdt om te ferskinen by de rjochter ûntfangt hy in daging. Yn de daging stiet sekuer omskreaun dêr't it IM him fan fertinkt. Op grûn fan de wet is it IM ferplichte om yn de daging te fermelden dat de fertochte it rjocht hat om yn de sitting Frysk te praten as de belutsene yn de provinsje Fryslân wennet of ferbliuwt. Sûnt de fúzje fan de rjochtbank yn Ljouwert mei dy yn Grins en Assen oant de rjochtbank Noard-Nederlân binne der trije sittingslokaasjes fan dizze rjochtbank. Ek op de lokaasjes yn Assen en Grins kin dus Frysk praat wurde troch in fertochte út Fryslân. En nei de fúzje fan it gerjochtshôf yn Ljouwert mei dat yn Arnhem ta it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert kin ek yn Arnhem Frysk praat wurde. It sil net faak barre, benammen as men sjocht nei de earder sketste kwetsbere posysje fan in fertochte. In fertochte út – litte wy sizze – Mantgum dy't ferwiten wurdt ynbrutsen te hawwen yn Zuidlaren, sil net gau Frysk prate tsjin de Drintske rjochter. Allinnich as de fertochte him/har ûnfoldwaande yn it Nederlânsk uterje kin, kin hy/sy Frysk prate. De rjochter yn Assen sil dan in tolk ynskeakelje. My is net bekend dat dizze sitewaasje him oait foardien hat. It rjocht om yn de sitting Frysk te praten is yn Assen, Grins en Arnhem dus mear symboalysk.

Yn de daging moat it IM neffens de wet opnimme dat de fertochte it rjocht hat om yn de sitting yn it Frysk te ferklearjen. Dat fiert sels sa fier dat de standerttekst hjiroer yntegraal oerset wurdt yn alle mooglike talen yn saken tsjin net-Nederlânsktalige fertochten. Sa stie ik ris in Russyske fertochte by. Yn de daging wie de passaazje oer it rjocht om yn de sitting Frysk te praten kreas yn it Russysk yn Syrillysk skrift oerset. Op himsels tsjinnet dit fansels gjin doel; der sil gjin Rus wêze dy't Frysk prate wol. It jout wol oan dat it wetlik rjocht serieus nommen wurde moat.

Ofrûnjend. De wet is helder, it rjocht om Frysk te praten ek. Yn de daging wurdt dit rjocht eksplisyt beneamd. Op de webside fan De Rechtspraak ek. En neist de doar nei de sittingssealen hingje buordsjes dêr't nochris de klam op dit rjocht lein wurdt. Formeel is it dus ynoarder. Mar jildt dat ek foar de praktyk? Net hielendal.

Bedriging: de skaalfergrutting

Yn 2013 is it oantal rjochtbanken, gerjochtshôven en parketten (dat binne de lokaasjes fan it IM) yn hiel Nederlân werombrocht. Dat hat ta in oantal fúzjes laat. Ik neamde earder al de rjochtbank Noard-Nederlân, in fúzje tusken de rjochtbanken yn Ljouwert, Grins en Assen. It gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert – lykas de namme al tinken docht – is in gearraning fan de hôven yn Ljouwert en Arnhem. It IM yn Noard-Nederlân hat sûnt dy tiid in sit yn Grins. Ien fan de gefolgen fan it feroarjen fan de gerjochtlike kaart is dat sittings draaid wurde troch rjochters op de ferskillende lokaasjes fan de rjochtbank of it hôf. In rjochter dy't yn 'e haadsaak wurksum is yn Assen, sil sa no en dan ek saken behannelje yn Ljouwert. En oarsom. Fan in rjochter út Assen kin net ferwachte wurde dat dizze it Frysk yn 'e macht hat. Dat betsjut dat mear as eartiids rjochtsprutsen wurdt troch rjochters dy't gjin affiniteit mei it Frysk hawwe.

Dat jildt ek foar it IM yn Grins. Offisieren fan justysje wurkje – oars as fóár 2013 – net allinnich yn Fryslân. It IM soarget foar it opstellen fan de daging, de offisier fan justysje represintearret it IM yn de rjochtsitting. Mar dizze offisier fan justysje is op sittings yn Ljouwert net altyd – passyf of aktyf – Frysktalich.

De skaalfergrutting is fierder sichtber yn gruttere strafsaken dêr't net de plysje, mar bysûndere opspoaringstsjinsten lykas de FIOD en de Inspectie Sociale Zaken en Werkgelegenheid (foarhinne de Arbeidsinspectie) it opspoaringsûndersyk yn dogge. It giet om saken dy't gean oer fraude, miljeudelikten of arbeidsomstannichheden, yn fakjargon wol de ekonomyske delikten neamd. It ûnderdiel fan it IM dat sokke saken ûndersiket wurdt it funksjoneel parket neamd. Foar Noard- en East-Nederlân hat dit diel fan it IM in sit yn Zwolle. Yn de minder komplekse saken wurde de Fryske fertochten fan ekonomyske delikten

troch it funksjoneel parket gewoan foarroppen foar de rjochtbank yn Ljouwert. Mar de offisier fan it funksjoneel parket yn Zwolle hat yn begjinsel gjin kennis fan it Frysk. Foar de mear omfangrike saken yn Noard- en East-Nederlân is wetlik regele dat dy net troch de rjochtbank fan de regio dêr't it feit him ôfspile hat, mar troch de rjochtbank Oerisel berjochte wurde. In fertochte fan grutskalige fraude of fan in ernstich miljeudelikt, wenjend yn Fryslân, wurdt yn soksoarte saken dus foarroppen om te ferskinen yn Zwolle. De wet regelet net dat op de sittingslokaasje yn Zwolle Frysk praat wurde kin.

Inkelde jierren lyn binne in Frysk bedriuw en de Frysktalige direkteur dêrfan foarroppen yn ferbân mei belutsenheid by it ferstjerren fan trije manlju yn in dongsilo yn Makkingea, troch it ynazemjen fan giftige dampen. De oantiging wie oertrêding fan regelingen oer arbeidsomstannichheden. Ik wie riedsman. Ik prate steefêst Frysk mei myn kliïnt. It wie in uterst tryste, gefoelige en emosjonele saak. Myn kliïnt woe graach Frysk prate yn de sitting. De saak tsjinne lykwols by de rjochtbank Oerisel. Fersiken om de saak oer te heveljen nei de rjochtbank Noard-Nederlân, sadat myn kliïnt yn it Frysk ferklearje koe, binne ôfwiisd. As doekje foar it blieden regele de rjochtbank in tolk. Fan dy tolk is gjin gebrûk makke: myn kliïnt woe net yndirekt mei de rjochters prate.

De skaalfergrutting binnen it IM en de rjochtspraak leveret in bedriiging op foar it brûken fan de Fryske taal. De wetjouwer hat him dit spitigernôch noait realisearre. Yn Ljouwert wurdt op himsels net toarnd oan dit rjocht, mar by rjochters, offisieren fan justysje of griffiers dy't it Frysk net behearskje moat de oplossing fûn wurde yn in tolk. As net yn it foar kenber makke is dat Frysk praat wurdt, sil der dus gjin tolk regele wêze. De winsk om Frysk te praten betsjut dan automatysk útstel fan de saak. Net allinnich wol de fertochte gjin útstel, ek de rjochter sit net te wachtsjen op ferlies fan kostbere sittingskapasiteit. De fertochte sil ûnder dizze omstannichheden al gau ôfstappe fan syn winsk om syn memmetaal te brûken. Mar ek as wol op tiid meld is dat Frysk praat wurdt, wurket it brûken fan in tolk dochs altyd negatyf op de kwaliteit fan de sitting. Tajûn, de tolk kin der neat oan dwaan. Mar in petear tusken in rjochter en in fertochte fia in tredde leveret per definysje in minder nau kontakt, in minder ynkringend petear op. Just in goed kontakt tusken rjochter en fertochte is wêzentlik foar kwalitatyf goede rjochtspraak. As in tolk needsaaklik is om in goed petear tusken

in fertochte en de rjochter ta stân te bringen, sil de fertochte dy't it Nederlânsk behearsket al gau ôfstappe fan syn rjocht om Frysk te praten. Behearsking (aktyf of passyf) fan it Frysk troch de minsken dy't by de rjochtbank wurksom binne, is dus belangryk.

Wat te dwaan?

Jierren lyn stie ik in kliïnt by dy't fertocht waard fan mishanneling. Hy moast foarkomme by de strafjochter. Myn kliïnt praat Frysk en op myn advys wol hy fan it rjocht om Frysk te praten yn de sitting gebrûk meitsje. Ienkear yn de sittingsseal docht bliken dat de griffier it Frysk net behearsket, de rjochter en de offisier fan justysje wol. In griffier is ferantwurdlik foar it optekenen fan in ferslach fan itjinge yn de sitting besprutsen wurdt. Belangryk wurk dus. Oan myn kliïnt wurdt troch de (Frysktalige) rjochter frege wat hy wol: trochgean mei de sitting yn it Nederlânsk, of útstel, sadat in nije griffier socht wurde kin. Myn kliïnt kiest foar it earste. Dit foarbyld jout oan hoe dwers de praktyk wêze kin. De rjochter leit mei de bêste bedoelingen syn dilemma út om it rjocht om Frysk te praten net behinderje te wollen. Oan 'e oare kant wurdt nei myn miening ûnfoldwaande rekken hâlden mei de nederige posysje dy't in fertochte no ienkear hat. Oan de meast kwetsbere yn de sittingsseal moat de kar oft de sitting wol of net trochgean kin, net oerlitten wurde.

Myn oplossing is en bliuwt: soargje as rjochtbank/hôf en IM dat op de sittingslokaasjes yn Ljouwert allinnich mar professionals wurksom binne dy't it Frysk (yn alle gefallen passyf) behearskje! En soargje derfoar dat strafsaken tsjin fertochten dy't yn Fryslân wenje/ferbliuwe en fertocht wurde fan in strafber feit, yn de provinsje Fryslân foarroppen wurde om by de rjochtbank yn Ljouwert te ferskinen. Dat foarkomt taalproblemen. Boppedat moat krekt yn de regio dêr't de skok field wurdt rjochtsprutsen wurde. In moard yn Burgum wurdt dochs ek net behannele troch de rjochtbank yn Rotterdam? Wêrom soe dat mei de ekonomyske delikten oars wêze? Politisy moatte net akkoartsje mei wetten dy't ôfhanneling fan Fryske saken bûten Fryslân mooglik meitsje.

Slot

Der is in soad ferbettere. In stik op de foarside fan de krante – lykas yn 1998 – dat yn de sitting Frysk praat wurdt, sil net mear foarkomme. It bart geregeld dat fertochten yn de sitting Frysk prate. Bytiden de hiele sitting troch – hielendal as de rjochter Frysktalich is – en soms yn dielen fan de sitting. As de emoasjes de baas driigje te wurden, grypt in fertochte werom op syn *memmetaal*. It is te priizgjen dat der mear Frysktalige rjochters en offisieren binne as doe't ik as advokaat foar it earst de sittingssealen fan binnen beseach.

Dochs binne der ferbetteringen mooglik. It weromdraaien fan de lanlike fúzjes fan gerjochten soe ik om meardere redenen tige mei ynstimme. Weromgean nei de rjochtbank Ljouwert en it gerjochtshôf Ljouwert lost in taalprobleem op. Rjochters en griffiers wurde dan mei selektarre op har behearsking fan de Fryske taal. En saken út de provinsje wurde yn deselde provinsje berjochte. Mar weromgean nei de sitewaasje fan foar de feroaring fan de gerjochtlike kaart is no net realistysk.

In ienfâldige oanpassing is it realisearjen fan in mooglikheid om te kiezen om de (hiele) websiden fan de rjochtbank Noard-Nederlân en fan it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert – lykas dat bygelyks op dy fan de provinsje Fryslân it gefal is – yn it Nederlânsk óf yn it Frysk te lêzen. Frappant is dat de rjochtsykjende no nota bene yn de Nederlânske taal wiisd wurdt op it rjocht om op de sitting Frysk te praten, en net yn it Frysk. In Frânsman wurdt dochs ek net yn it Deensk op syn rjochten wiisd? Koartlyn binne op it plein foar de yngong fan it gerjochtsgebou 'net smoke'-buordsjes pleatst. Inkeld yn it Nederlânsk. Wêrom net ek yn de Fryske taal? Dan litst as gerjocht ommers sjen datst it brûken fan de Fryske taal serieuus nimst en stimulearrest.

Ik fyn dat de bestjoeren fan de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert mear as hjoed-de-dei easkje meie dat elkenien yn de sitting it Frysk behearsket. Dat moat in hurde funksje-eask wêze. As dit betsjut dat net alle rjochters, griffiers en offisieren yn Ljouwert ynset wurde kinne, dan is dat mar de priis dy't betelle wurde moat om de wet yn de praktyk efektyf te meitsjen. Net foar neat is it Frysk as iennige neist it Nederlânsk in troch it Ryk erkende taal. Dy status ferget in soarchplicht fan dyselde oerheid. In soarch dy't net allinnich bestiet út de wetlike ferankering fan it gebrûk fan dizze taal, mar ek út

maatregels dy't it brûken fan it Frysk yn de praktyk befoarderje. As dy maatregels yn de praktyk net ynfierd wurde, kin it net oars as dat dizze wetlik fêstlein wurde. Ik ha de wetstekst alfêst formulearre:

Elke rechter, raadsheer, griffier of vertegenwoordiger van het Openbare Ministerie die bij de rechtbank Noord-Nederland of het gerechtshof Arnhem-Leeuwarden van ambtswege ondervraagt, hoort, proces-verbaal van de terechtzitting opmaakt of het woord voert, is daartoe slechts bevoegd indien hij – passief of actief – de Friese taal beheerst.

Ta beslút in frappant foarbyld. It fernuveret my al jierren dat fertocht dy't foar mislediging (meastal fan plysjes) in daging krije dêr't yn de measte frjemde talen de misledigjende wurden letterlik yn opnommen binne. 'Fuck you' is sa't it liket dúdlik genôch dat dit net oerset wurdt. Datselde jildt foar yn de praktyk in soad foarkommende wurden as 'bastards', 'puta', 'Arschloch' of 'nazicop'. Mar as in Frysktalige kliïnt foarkomme moat om't er 'dom hynder' tsjin in plysjeman roppen hat, krije hy in daging dêr't yn stiet dat hy roppen hat 'achterlijk paard of woor van gelijke strekking'. By it noardlike IM wurdt blykber ornearre dat it Frysk – oars as it Ingelsk, Spaansk of Dútsk – oersetting nedich hat. It is raar. Miskien moat by it IM desennia nei Kneppelfreed dochs de kinne noch om.

Wy binne der noch net...